

Bijlage VMBO-GL en TL
2011

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Oars as oars

(1) De measte leden fan muzykferiening De Harmonie út Sint Nyk seagen yn 2007 de grutskalige foarstelling ‘Iepen Doekje’ fan Stichting ToanielSelskip Sint Nyk. Sy wienen ûnder de yndruk en tochten: “Dat wolle wy ek.” Yn 2009 bestie it korps 100 jier en dat woenen de leden op in spesjale wize fiere. Se fregen oft de toanielferiening harren helpe woe by it opsetten fan in jubileumstik en regisseur Anneke Sieperda waard benadere mei de fraach om in foarstelling te skriuwen en te regisseurjen foar De Harmonie.

(2) Anneke wie der daliks foar te finen. “In stik mei in kombinaasje fan sang, dûns en teater hat my altiten al aardich talike, no hie ik de kâns om dêr ris wat mei te dwaan, mei as ekstraatsje in korps.” Se hat alle notulen fan fergaderingen fan De Harmonie trochlêzen, mar dêr siet net in basis foar in goed ferhaal yn. “It wie ien en al lijen: te min jild, te min leden, ensafuorthinne. En it oan- en ôftreden fan bestjoersleden is ek net echt in spannende basis foar in teaterfoarstelling.”

(3) Anneke betocht dêrom sels de reade tried foar it ferhaal dat in ieu omspant en dêr’t njonken de korps- en doarpsskiednis ek de rommere skiednis yn ferwurke is. It ferhaal draait om meardere generaasjes fan in fiktive famylje. Om in goed ritme en lykwicht te krijen hat Anneke njonken toaniel, muzyk en dûns keazen foar bylden op in grut filmdoek. Dy bylden binne opnommen op histoaryske lokaasjes sa as it lânhus fan jonkhear Van Eysinga en de Sint Nicolaastsjerke, beide yn Sint Nyk. “Alle emoasjes komme oan bod”, seit

45 Anneke, “wille, mienskipssin, fertriet en humor, wêrtroch’t de foarstelling net allinnich fermakket, mar ek djipgong kriget.”

(4) Teater, film, dûns, muzyk, in multyfunksjoneel dekôr mei in spesjaal foar dizze gelegenheid makke muzyktinte: der kaam in protte by te sjen om alles goed op elkoar oanslute te litten. Der wie dan ek yntinsyf oerlis tusken de ferskillende dissiplines, sa as it korps en de toanielploech. De dirigint – “in fakman” – en Anneke ha in protte oerlis hân en Anneke wie geregeld op ’e repetysejûnen fan it korps. “It fernuvere my hoefolle dissipline der yn dy groep is: ien tikje mei it stokje en elkenien is wer konsintrearre. By ús op ’e toanieljûnen is dat wol oars, it liket bytiden in grutte gaos. Toanielminskens uterje har meastentiids lûdop en gau en dat fernimst ûnder de repetysejies.”

(5) It foel yn it begjin net ta om de muzikanten derfan te oertsjûgjen dat it hiele ferhaal net muzikaal útbylde wurde koe. “Nee, nee, lytse stikjes muzyk, gjin útspile partijen. In multydisziplinêr stik moast it wurde, dêr’t elk in gaadlik part yn hat. Geandewei kamen film, dûns, toaniel en muzyk tichter byelkoar. Dat gie net samar, pas let yn it proses ûntstie de klik. Ynearsten loerden se nei elkoar. Letter kaam der fan wjerskanten mear begryp, wurdearring en respekt foar elkoar. Yn in oarlochssêne moasten de muzikanten achter it dekôr lâns. Yn it begjin gie dat mei in soad leven, mar letter wienen se mûsstil.”

(6) Op de dei fan de oprjochting fan muzykferiening De Harmonie yn 1909 wurdt Harm Korpsma berne. Hy trout letter mei Monie de la Fanfare, in frou

fan goed komôf. Se binne tige belutsen
90 by de jubilearjende Harmonie, mar ek
as tema komt 'harmony' hieltyd werom
yn it stik. De bern fan Harm en Monie
binne letter yn de foarstelling de
hippys dy't yn de jierren '70 yn
95 kleurrike klean in dûns út de musical
Hair dogge. Troch de foarstelling hinne
komme der allegearre lytse Marilyn
Monroe's¹⁾ foarby, der is rock & roll,
mar ek de oarloch wurdt net oerslein.
100 Der sit sels in stjersêne yn it stik.
Dryst? Neffens Anneke net. "Dat heart
krekt sa goed by it libben. En dat it
minsken rekket, fyn ik allinne mar
moai. Ik wol minsken reitsje: op it
105 moed komme, laitsje of gûle litte, it

makket net út. As it harren mar wat
docht."

(7) Der ha in protte minsken oan it
projekt meiwurke. "Op in stuit wienen
110 der wol 150 minsken yn it spier", fertelt
Anneke. "Sels de pastoar en de
jonkhear diene mei. Der kaam jild fan
de ferskate oanskreaune fûnsen, fan
de provinsje Fryslân en fan
115 sponsorjende bedriuwen. It resultaat
wie net allinne in fantastyske
foarstelling, mar it hat yn it doarp ek
soarge foar in gefoel fan mei elkoar
ferbûn wêze. En de hiele sportseal siet
120 alle kearen oan de nok ta fol", beslút
Anneke tefreden.

*Ut: FRATS, teaterkrante fan de Fryske Amateurtoanielskoalle,
Gerry Hijlkema*

noat 1 Marilyn Monroe, ferneamd Amerikaanse filmstjer en sjongeres út de jierren 50 en begjin 60 fan
de foarige ieu

It Fryske Gea kiest foar de fûgels

- (1) Aaisikers meie net mear om de nêsten en aaien fan greidefûgels sykje op lân fan de Fryske natuerorganisaasje It Fryske Gea.
- 5 **Dat ferbod is nij. De foarsitter fan It Fryske Gea, Arjen van der Meer, en de direkteur, Ultsje Hosper, lizze út wêrom't it dien is mei it aaisykjen op Gea-grûn.**
- 10 **(2)** Oant no ta skikte It Fryske Gea him neffens de spulregels dy't troch it Ryk en de Provinsje Fryslân foar it aaisykjen opsteld binne. De feriening hat him op 'e nij wiidweidich oer it greidefûgelbelied bûgd. Der binne no hûnderten hektares yn Fryslân dêr't gjin greidefûgel mear briedt. De greidefûgelgebieten fan terreinbehearders lykas It Fryske Gea
- 20 fungearje no as de 'kreamkeamers' foar de greidefûgels. En krekt de iere maaitiid is tige wichtich foar de rêstige tarieding fan de fûgels op de drege perioade fan brieden en jongen
- 25 grutbringen. Dy rêst en de kreamkeamerfunksje binne foar It Fryske Gea de wichtichste redenen om it aaisykjen yn syn gebieten net langer ta te stean.
- 30 **(3)** By guon fûgelwachters is lykwols it byld ûntstien dat It Fryske Gea de âlde tradysje fan it aaisykjen ôfskaffe wol en dat dêrtroch de belutsenheid fan de aaisikers by de fûgelbeskerming
- 35 ôfnimme sil. Mar wy fan It Fryske Gea ha de gearwurking mei de aaisikers krekt nedich om de greidefûgelstân yn Fryslân oerein te hâlden. Yn ús natuergebieten wurde sa de âlde
- 40 tradysje en kunde fan it aaisykjen al jierren brûkt by de beskerming, de ynventarisaasje, it ûndersyk en de belutsenheid by de greidefûgelbeskerming.
- 45 **(4)** It giet by dit ferbod mar om in beheind tal hektares ekstra. Fan de 4700 hektare natuergebiet fan It Fryske Gea hat de Provinsje Fryslân trije jier lyn foar noch mar 1700
- 50 hektare in ûntheffing ferliend. Dêr mocht dus aaisocht wurde ûnder bepaalde betingsten. Foar dy oare 3000 hektare wie der gjin ûntheffing. Dêr mocht net aaisocht wurde en
- 55 fansels sitte der yn dy gebieten dan ek noch in soad greidefûgels, al is it tal wol ôfnommen. Yn de gebieten mei ûntheffing is de achterútging grutter. Dêr sitte noch minder ljippen en
- 60 skriezen. De natuergebieten fan It Fryske Gea binne fansels grutskaliger, der is in folle bettere wetterstân en it gebiet wurdt net yntinsyf beweide. Boppedat is it behear fan dy gebieten
- 65 oangeande meandatum en beweidingsstichtens oanpast oan greidefûgels, sadat der gjin neisoarch nedich is.
- (5)** Provinsje en Ryk ha de lêste jierren
- 70 in soad jild beskikber steld foar greidefûgelsoarch yn natuergebieten. Troch de ferbettering fan de terreinkondysjes, sa as it wetterpeil, begreppeling, bekalking en rûge dong,
- 75 is de greidefûgelstân yn ús natuergebieten sa goed as stabilisearre. Fansels hat ek it herstel fan it iepen lânskip en in goede koördinaasje tusken behear en
- 80 beskerming, tusken boeren, fûgelwachters en greidefûgelbeskerming, rom omtinken hân. Troch mear rêst yn de iere maaitiid te realisearjen, ferwachtsje wy
- 85 dat it tal greidefûgels de kommende jierren yn ús gebieten wer tanimme sil. Der is gjin sprake fan dat wy it greidefûgelbelied fan Provinsje en

BFVW (Bond van Friese
90 Vogelwachters) dêrmei ôffalle.
(6) Njonken aaisikers ha guon politisy
wol tige frjemd op ús
beliedsoanpassing reagearre. Neffens
ús soe de polityk him ynsette moatte
95 foar de ynrjochting fan grutskalige
greidefûgelpolders, dêr't it buorkjen

him yn it foarste plak rjochtet op de
beskerming fan it greidefûgellânskip.
Miskien is sa'n reaksje ek wol te
100 ferklearjen: by de politisy giet it
benammen om de aaisikers, de
fûgelwachters en de boeren, dus om
de 'stimmers'. En by It Fryske Gea giet
it yn 't foarste plak om de fûgels.

*Nei: Arjen van der Meer en Ultsje Hosper,
Leeuwarder Courant, 7 jannewaris 2010*

Ferkeard sinjaal fan It Fryske Gea

(1) Noch hieltyd is it aaisykjen as frijetiidsbesteging net ferdwûn út Fryslân, mar it rint wol nei de ein. It Fryske Gea nimt dêr alfêst in foarskot op. Dy organisaasje hat besletten it aaisykjen op syn terreinen te ferbieden mei yngong fan dit jier. Dat is in dúdlike koerswiziging en in trendbreuk mei it ferline en omdat hjir sprake is fan in Fryske organisaasje fan betsjutting, hat it in grutte ynfloed op de al jierrenlange diskusje oer it sykjen en meinimmen fan Ijipaaien.

(2) Neffens It Fryske Gea is it net goed steld mei de greidefûgelstân yn syn gebieten. Dêrom ferbiede se no it aaisykjen om de rêst op dy terreinen te befoarderjen. It doel is greidefûgels feilich nestelje en briede te litten. Wannear't minsken fuortbliuwe, kinne fûgels by har nêsten bliuwe. Dat is goed foar it briedproses en der mei ferwachte wurde dat soks ek minder kânsen jout foar rôffûgels om aaien en pykjes te rôvjen.

(3) It Fryske Gea wie de lêste natuerorganisaasje yn Nederlân dy't it sykjen en meinimmen fan Ijipaaien noch tastie. De feriening wurdt dêr yn rûnten fan natuerorganisaasjes en oare ynstânsjes sûnder mis op oansprutsen en ûnderfynt imago-skea troch sa'n hâlding.

(4) It belied fan It Fryske Gea stiet no streekrecht foar dat fan de Provinsje en it fûgelwachtersbûn BFVW (Bond van Friese Vogelwachters) oer. Dat is foar dy twa gesprekspartners frustrerjend. Provinsje, BFVW en It Fryske Gea binne dúdlik oan elkoar ferbûne partijen dy't belang ha by in goede en fruchtbere gearwurking.

(5) Under de leden fan It Fryske Gea binne ek in protte aaisikers: in groep leden mei mear as gemiddelde kennis fan de natuer en dêrom in nijsgjirrige groep dy't foar de feriening no of letter in soad betsjutte kin. Dan is it net handich om dy leden foar de holle te stjitten mei dit nije stânpunt oer it aaisykjen.

(6) It is hast net mooglik om de positive effekten fan in ferbod op aaisykjen op de terreinen fan It Fryske Gea nei te gean. De greidefûgeltichtens is dêr al leech, it tal aaisikers sil dêrtroch ek leech wêze, wylst de effektive aaisikersperioade krapoan 14 dagen duorret en dus fan lytse betsjutting is. De feriening hat it oer in tagongsferbod foar aaisikers en net oer it sluten fan de terreinen foar alle besikers yn de briedtiid. Dat is stridich mei it beëage doel. Wurdt hjir net in byld delset wêrby't it liket dat benammen de aaisikers skuldich binne oan de minne greidefûgelstân?

(7) It Fryske Gea jout mei dit beslút in mispleatst en ferkeard sinjaal ôf. De feriening is oanwiisd op goede betrekkingen mei de leden, de oare natuerorganisaasjes en de ynwenners fan Fryslân. De feriening kin better yngean op de algemien bekende en yn brede kring erkende haadoarsaak fan it ferdwinen fan folsleine populaasjes greidefûgels bûten en op syn gebieten: de fernielde biotoop fan greidefûgels as it gefolch fan it yntinsive gebrûk fan it lân.

(8) Der binne lûden dat leden fan It Fryske Gea har lidmaatskip opsizze wolle. De echte aaisikers, de minsken fan it fjild, moatte harren no krekt oanslute by de feriening. Sy kinne dan ek har opfettings oer dit beslút hearre litte.

*Nei: Jan Luimstra, fûgelwachter en lid fan It Fryske Gea,
Leeuwarder Courant, 7 jannewaris 2010*